

De bûtenierdske reis fan Q en Quinta

Kolofon

ISBN:

1e druk 2016

© 2016 Marianna van Tuinen

www.mariannavantuinen.nl

Utgjowerij Elikser

Oksekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra



Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, opslein yn in automatisearre gegevensbestân en/of iepenbier makke wurde troch de wei fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de auteur en de útjowerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.



De **bûtenierdske** reis

fan Q en Quinta



Marianna van Tuinen



'Al kin ik de minsken mar positiver tinke litte oer bûtenierdske wêzens!'

Martijn van Staveren - www.buitenaardscontact.nl

In frjemd soarte luchtbel sweeft yn Quinta har tún. Der sit in wûnderlik wêzen yn! It hat mar ien each en sjocht har freonlik oan. Quinta is hielendal net bang. Wat in bysûnder dier! Hoe komt dat samar by ús yn de tún? It wêzen begjint ynienen te praten.

‘Hallo! Wennesto hjir? Ik tocht dat it myn hûs wie, want dat liket der sprekend op. Ik bin einliks ferdwaald. Ik sykje al jierren op hûnderten planeten, mar myn hûs is nergens te finen.’

‘Planeten? Komsto út de romte? Bisto in bûtenierdsk wêzen?’

‘Ja, Q hjit ik.’

‘En ik bin Quinta. Sweefsto yn dy ballon troch de romte?’

‘Dy bol is myn eigen enerzjy. Ik kin stjoere mei myn gedachten.’

‘In toverbol! Kinsto dan oeral nei ta?’

‘Ja, giest mei? Der is romte genôch. Dan kinne wy tegearre myn hûs sykje!’ seit Q entûsjast.

Quinta moat dêr om laitsje. ‘De romte yn? Mei dy yn dy bol? Dan bin ik fierste lang fuort!’

‘De klok tikket net yn de romte. Do tinkst datst in wike op reis bist, mar do bist op itselde momint wer hjir.’

‘Hoe kin dat no?’

‘Omdatst dan yn in soarte klearwekkere dream bist. Dat hjit in oare diminsje.’

Wat spannend! Quinta wurdt hieltyd nijsgjirriger. Sil se meigean? Se hat altyd al in soad belangstelling hân foar de moanne, stjerren en planeten, mar ... mei in bûtenierdsk wêzen op stap? Dat is raar! Mar toch doart se it wol oan, it fielt as ken se Q al jierren. As se samar wer werom is, fernimt gjinien it. Nee, se twifelet net mear.

Resolút stapt se yn de bol fan enerzjy ...

